

**Liturgy foar snein 'Invocabit',
earste snein yn de fjirtigdageitiid
Yn de Sint Jan (online)
Deinum, 21 febrewaris 2021**

**Foargonger: ds.Harrie Strubbe
Oargel: Lucas Wiersema
Lector: Luttie Iepema-Heeringa**



-Oargel

-Wurd fan wolkom en meidielings

-Begjinliet : Liet 91A

Wa't yn it skaad fan God ferkeare,
sille net stjerre yn 'e dea.
Wa't wenplak sykje by de Heare
fine dêr frede as har brea.
God liet syn wjukken fan genede
beskermjend om syn leave bern.
En Hy ferlost har fan it kweade,
sa sille hja 't gelok aanst sjen.

Syn ingels stjoert Er alle dagen,
hja binne in gids en in hâldfêst.
Dy sille har op hannen drage
troch yn woestyn fan hoop en lêst.
Gjin freze of ûnheil sil har reitsje,
gjin sykte brekt in minskedream.
Lingte fan dagen sill' hja smeitsje,
hja rêste oan in koele stream.

Har sil de nacht net licht oerfalle,
har dagen hâlde ivich stân.
Tûzenen deaden kinne falle –
hja binnen burgen yn Gods hân.
God hoedet dy't op jim betrouwe,
dy't taflecht sykje by de Hear.
Hy sil in nije himel bouwe,
fol leafde en gjin treannen mear.

- F. : De Hear wês mei jim!
 -Gem.: En ek mei jo.
 -F. : Us helper is de Ivige
 -Gem.: dy't himel en ierde makke
 -F. : Jo, dy't fersteane wat ús hert beweecht
 efter de wurden dy't wy oan Jo roppe
 Jo, dy't de minsken sjogge als gjin oar.
 Jou ús de krêft, fjurje ús hertstocht oan,
 jou azem wer, dat wy ús oan Jo hâlde.
 -Gem.: Kom mei it ljocht fan jo betrouwen,
 Kom mei it ljocht fan jo hope
 Kom mei it ljocht fan jo leafde.
 F. : ûntfermje Jo, Hear, ûntfermje oer ús. Amen

-Kyrieliet: Liet 547 , oargel

*Jezus dy't syn wei gie mei de libbensbeam,
 hat oan God de Heit de goede fruchten bean.
 Kyrie eleison, wês mei ús begien,
 dat wy 't libben krije, út 'e dea opstien.*

-Gebed fan 'e snein

-Profetenlêzing: Jesaja 58: 5-10

*Is dat no festjen sa't Ik hawwe wol,
 in dei fan selskastijing?
 In dei, dat men de holle as in snyl hingje lit
 en op sekkeguod en yn 'e jiske lizzen giet?
 Neamst dat fan jimme no in festeldeji,
 in dei sa't de Heare dy hawwe wol?
 Nee, it festjen sa't Ik it hawwe wol
 -is de godspraak van de Heare –
 dat is: de boeiens fan ûnrjocht losmeitsje,*

*de bannen fan it twangjok ôfstrûpe,
lju dy't yn 'e knoei sitte, frijlitte
en oeral it twangjok brekke.
Moait it net sa wêze: it brea parte mei wa't honger hat,
earme swalkers yn 'e hûs nimme,
klean jaan wa'st neaken omrinnen sjochtst
en dij der net foarweiwine,
as dyn meiminske holpen wurde moat?
Dan sil dyn ljocht trochbrekke as de dage,
do silst hurd betterje as in wûne dy't wer hielet.
Dan giet dyn gerjochtichheid foar dy út
en slút de gloarje fan de Heare dyn rigen ôf.
Dan jout de Heare antwurd op dyn roppen
en ast om help bidst, seit Er: 'Dêr bin Ik al'.
Asto brekst mei alle twingerij en ophâldst oaren mei
de finger nei te wizen en kwea fan harren te sprekken,
asto wa't honger hat, syn gerak joust as dijsels
en de minske yn ellinde sêd joustm
dan sil yn 'e tsusternis dyn ljocht komme
en de neare nacht yn ljochtskynde feroarje.*

-Lied 974, troch Linda Wagenmakers

*Maak ons uw liefde, God, tot opmaat van het leven!
Wij zijn geroepen om haar zingend door te geven.
De wereld zegt ons niet de goede woorden aan.
Vernieuw ons hart en doe ons uw beleid verstaan.*

*Wij zijn aaneengevoegd, bedacht met uw genade.
Op liefde hebt Gij ons gebouwd, bedeed met gaven.
En wat wij zijn draagt bij tot welzijn voor elkaar.
In onze eenheid wordt uw liefde openbaar.*

*Elkaar bidden wij toe: volhard in het geloven,
verlies uw vreugde niet en kom uw pijn te boven.*

*Laat lichten uw gezicht over de duisternis
waarin de ander in gemis gevangen is.*

*Zeg toch het goede aan, ook wie u kwaad toewensen.
De zon gaat op in uw nabijheid van de mensen.
Hun vreugden en verdriet zullen u niet ontgaan:
in uw omarming heeft eenzaamheid afgedaan.*

*God, laat geen mensenkind uit uw ontferming vallen.
Weer met uw ruime hart het kwade van ons allen.
Gij zijt te goeder trouw geweest van het begin.
Vasthoudend blijft Gij tot uw liefde overwint.*

-In pear earste tinzen

-Lêzing fan it Evangeelje: Markus 1: 12-14

*Fuort dêrnei dreau de Geast him de woestine yn.
En fjirtich dagen lang waard er yn 'e woestine hifke troch de
satan, en hy wie dêr by de wylde bisten en de ingelen tsjinnen
him.*

*Nei't Johannes oerlevere wie, gong Jezus nei Galilea ta en
ferkundigje sa it Evangeelje fan God.*

-We harkje nei Gerrit Breteler "As it jo wil is" (L.Cohen)

*As it jo wil is, dat ik gean taal mear hie,
en myn stim stil is sa as it eartiids wie.
Dan sil ik swije, sa dat it stil is
In wink sil ik krije as it jo wil is.*

*As is jo hân is, de wiesheid no
fan it fertoarke strân is
dan sil ik sjonge foar jo.
Hoe 't it fertoarke strân is*

*it liet op 'e tonge
As it jo hân is, lit my dan sjonge.*

*As it wurd wier is, en stimmen ferstomme
Elts jubeljend blier is, lit de floed dan mar komme.
En as it dan stil is, en doelleas de siel
As it jo wil is, meitsje ús hiel.*

*En rin mei ús mei en hâld ús fêst.
Skuor ús der by yn it ljocht op 't lêst.
It fersplinterjend ljocht, dat ferpletterjend stil is
mar de moarntiid brocht
as it jo wil is.....as it jo wil is*

-Utlis en oertinking

-Oargelmusyk

-Foarbeaen, stil gebed, Us Heit (Tuskentiden 229)

*God fan fier en hein ús Heit
dat wy hilligje jo Namme,
ûnder ús sa faak ûntwijd,
troch jo eigen bern beskamme.*

*Bûch de folken nei jo wet,
lit jo ryk op ierde komme.
Byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.*

*Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.*

*Lit oer ús gjin near nacht,
lied ús net yn blyn begearen,
binne wy yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.*

*God fan fier en hein ús Heit,
wûnder heimnis is jo Namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen*

-Slotwurd

-Slotliet en seine "Ga maar gerust...." (S.de Vries/ J.Sibelius)

Ga naar gerust, want Ik zal met je meegaan.
Ik ben je baken, ook in diepe nacht.
Ik ben de stem die steeds in jou zal opstaan.
Ik ben de hand die op je vriendschap wacht.
Ik ben het licht dat voor je voeten uit gaat.
Ik ben de wind waardoor je ademhaalt.

Ga maar gerust, want Ik zal met je meegaan.
Ik ben de zon waarvoor het donker knielt.
Ik ben de groet waarmee ook jij kunt opstaan.
Ik ben de hoop, dat zaad diep in je ziel.
Ik ben het lied dat fluistert in de bomen.
Ik ben de dag die schemert in je droom.

Ga maar gerust, want Ik zal met je meegaan.
Ik ben de liefde die een mens je schenkt.
Ik ben de hoogst toon die jij kunt aanslaan.
Ik ben de verte die verlangend wenkt.
En, kom je thuis, de laatste mist verdwenen,
ben Ik de hand die al je tranen wist.

-Oargelmusyk